

In koarte leafde: jeu au tamis yn Fryslân (1888)

It keatsen yn Fryslân hat oant 1887-1888 yn it isolemint sitten. Dat waard ferbrutsen doe't in PC-delegaasje yn 1887 te gast wie by in Brusselske keatsklup en dy in jier letter mei tsien spilers op de PC kaam om dêr de beide gongbere Belgyske farianten te demonstrearjen. Ien dêrfan, it jeu au tamis, sloech sa oan dat ek keatsers út Kimswert en Ljouwert dat spektakulêre spul spylje woenen. Koartlyn is nij materiaal oer de kontakten tusken Kimswert en Brussel foar it ljocht kommen. Dat jout my tagelyk de gelegenheid om oant no ta ûnderbeljochte aspekten fan it begjin fan de Frysk-Belgyske kontakten te beskriuwen. Boppedat gean ik neier yn op jeu au tamis yn Ljouwert, dêr't it nei de PC fan 1888 ek eefkes spile waard.



Belgyske spilers en bestjoerders fan de Soci t  Royale du Jeu de Petite Balle au Tamis mei keatsmateriaal en it troch kening Leopold III yn 1859 skonken findel op de PC fan 1 augustus 1888. Hjiirre hat Paul Andr  (de 2de steande spiler rjochts fan it findel) beide eagen noch.
(Foto: Jacob de Vries Gzn.)

Fan elitespul ta 'boerenvermaak'

It keatsen hat ieuwenlang yn grutte parten fan Nederl n in algemien beoefene fermaak west, sawol ûnder de hegerein as ûnder it folk. De earsten h lden om 1700 hinne op mei it spultsje (sjoch ek myn artikel oer de keatsbaan yn Grins yn dit n mer), mar it folk keatste troch. It keatsen krych dêrmei de status fan 'boerenvermaak'. Nei 1700 waard it keatsgebiet hieltiten lytser en  teinlings bleaunen allinnich in enklave yn Noard-Holl n (Onderdijk-Wervershoof) en Frysl n oer. Dat it keatsen by  s beh lden wurde koe, is foar in grut part te tankjen oan iere foarmen fan organisaasje. De PC (1853) hat dêrby in foarname rol spile.¹

Yn de begjinjierren luts de PC allinnich keatsers  t Frysl n. Dat der gjin keatsers fan om utens meidielen, hie neat te krijen mei reglemint re beheiningen, mar mei praktyske beswieren (oare spulfoarmen, fiere, djoere reizen) en grif ek mei  nwittendheid oer it keatsen b ten de provinsje. De PC kaam neffens foaroman Jan Bogtstra yn 1884 'zeer toevallig tot de ontdekking' dat der ek yn Belg  keatst waard. It duorre noch eefkes ear't der kontakt lein waard mei 'de' Belgen, mar



'Kimswerter' tamisballen en -want. (Foto: Pien Breuker-van der Eems)

yn augustus 1887 gong it oan: doe ûndernemen Bogtstra en twa oare PC-leden de reis nei Brussel.²

Oer de bân

It âldste dokumint dat ik fine kinnen ha yn de KNKB- en PC-argiven oer it begjin fan de Frysk-Belgyske kontakten, is in brievekaart fan 21 maart 1887 fan J. Nijs út Gent oan Riens Koopmans, sûnt 1882 PC-lid (en fan 1893-1929 foarsitter). Ald-PC-kening Koopmans wie ek in goed biljerter en it liket derop dat op of fia in biljertwedstriid út 1884 yn Frjentsjer, dêr't ek Belgen oan meidienen, de relaasje mei België ta stân kommen is.³ 'Mijnheer', sa skreau Nijs, 'eindelijk heb ik een man gevonden die met het Kaats[s]pel op de hoogte is en die zal er my alle inlichtingen van geven als ook een plan van maken. hy zal ook zorgen voor ballen en hand-

schoen. met den bal wordt er het meeste in het zuiden van België gespeeld by den walen. zoogauw ik bericht heb zal ik het U laten weten'. Nijs liket sels net al te goed op 'e hichte west te hawwen mei it keatsen yn België.

Wy witte net wa't 'een man' is, mar it soe wêze kinne dat Nijs kontakt socht hat mei it bestjoer fan de yn 1838 oprjochte Brusselske Soci  t   Royale du Jeu de petite Balle au Tamis: de foarsitter fan dy keatsferieniging, Louis Demal, skreau op 2 july 1887 in brief oan PC-foarsitter Jan Bogtstra. It giet om it antwurd op in brief fan 30 juny 1887 fan Bogtstra.⁴ Blykber hie dy frege nei it wedstriidprogramma fan de klup, want dêr skriuwt Demal oer. Hy noege de PC út om spilers te stjoeren foar de wedstriden. 'De ballen zyn door ons gegeven, en indien, gy geen horn handschoenen en heeft zullen wy u

Jeu au tamis (letterlik: it spul mei de tjems, ek bekend as it 'spel met nap en trom') is in keatsfariant dy't liket op it peloaten. Sa komme it oantal spilers (2 x 5), it trapeze-foarmige fjild en ek de spulregels mei-inoar oerien. It belangrykste ferskil sit him yn it materiaal en dêrmei ek yn de fluggens fan it spul.

De spikerhurde, geitelearene bal fan sa'n 32 mm yn trochsneed weaget in 40 gram en is stiif folproppe mei s  n, hout  ffel en stientsjes (ta fergeliking:   s keatsbal hat in trochsneed fan sa'n 38 mm en weaget 24 gram).

Sterk   fwikend is ek de want. Der sit gjin fersteviging yn, mar   an de want (sjoch foto). Dy nap is makke fan lagen (sean) lear, sa hurd as hoarn (d  rom hat Demal it ek oer 'horn'). De nap, dy't op gr  n fan syn foarm 'louche' ('sopleppel') of 'sabat' ('skoech', 'klomp') neamd wurdt, is stikken grutter as   s nap: hy is sa'n 19 x 14 x (maksimaal) 7 sm.

By it opslaan wurdt gebr  k makke fan in helpmiddel, de tamis. De tamis is in skean nei foaren steande trijepoat, bespand mei bygelyks (katte)terms, tou of fyn gaas.

De bal wurdt d  r opsmiten en dan nei de stuit opslein. Troch de kr  ft w  rmei't dat dien wurdt   n troch de hurde nap, freget it spul hiel wat ballen.⁵ Ik haw gjin konkrete ynformaasje oer de faasje fan de ballen fine kinnen, mar sjoen de m  nske nap, moat dy grut west hawwe. D  t, yn kombinaasje mei de hurde, swiere en lytse bal, makket dat de spilers by it jeu au tamis op har iepenst w  ze moatte.

met groot vermaek er bezorgen'. Krekt lykas by Nijs (bygelyks 'plan' foar 'programma') is dizze tekst út it Frânsk wei tocht. Ik slút net út dat taalproblemen mei soarge hawwe foar de stadige gong fan saken nei 1884. Fan belang is Demal syn meidieling oer 'horn handschoenen'. Wat er bedoelt, binne de wanten dy't by it jeu au tamis brûkt wurde (sjoch it kader). De PC-kommisje stjoerde net in ploech keatsers nei Brussel, mar wie dêr, lykas sein, sels al mei in delegaasje te gast by wedstriden fan de Soci  t   Royale. D  r mei kaam it earste fysike kontakt ta st  n tusken Fryske en Belgyske keatsbestjoerders. Dat der gjin keatsers nei Brussel ta gongen, binne sa trije redenen foar te betinken: de kosten, de foar de Fryske keatsers frjemde spulfariant(en) en foaral ek de   nmooglikheid eins om foar de 9de july de keatsers byinoar te sykjen, sa't de Belgen woenen (de searjewedstriden beg  nen al op de 10de).

Belgen op de PC fan 1888

It jiers d  rop kaam it it bestjoer fan de Soci  t   Royale mei tsien keatsers op de doe twa dagen duorjende PC. De Belgen spilen beide dagen yn partoeren fan fiif tsjininoar, t  sdei de 31ste july in peloatewedstriid, de deis d  rop beoefenen se it jeu au tamis. Parse en publyk wienen optein oer it machtige spul fan de Belgen. Hoewol't it spylfjild spesjaal foar de Belgen sa'n tsien meter grutter makke wie troch it stek oan de eastkant fan it Sj  kel  n te slopen, sloegen de spilers de ballen noch oer de bolwurksbeammen. De   ldsten   nder de task  gers hienen it spul oars miskien noch krekt sjen kinnen as in yndertiid ek by   s beoefene fariant.⁶

Om better te begripen hoe bys  nder as de besite

fan de Belgen wie, kinne wy   s it b  ste eefkes ferpleatse yn dy tiid. Al wie ek Frysl  n troch de tusken 1863 en 1885 oanleine spoarferbiningen   ntsluten, tagelyk moat f  ststeld wurde dat it reizgjen mei it spoar yn 1888 noch wat b  tenwenstichs hie, hielendal foar de 'gewoane' man (en d  r foelen de Brusselske keatsers   nder). En op de 30ste july kamen gjin   ndernimmende provinsjegenoaten yn Frjentsjer oan, mar b  tenlanners, dy't ek noch in frjemde taal praten (mar nei   frin fan de PC wie de Fryske keatserstaal al it wurd 'all  ' riker!). It selskip kaam midden yn de tiid fan de l  nboukrisis boppedat net foar it bepraten fan ekonomyske of politike fraachstikken, mar om in spultsje te spyljen. En dat wylst de ynternasjonale sportkontakten earne oars noch mar amper op gong kommen wienen. De konkl  zje moat w  ze dat de komst fan de Belgen in b  tengewoan belangryk momint yn de Fryske keatshistoarje west hat.

It stekt oan

De Belgen setten nei de PC wer   f nei Brussel, mar har spul wie net fergetten, benammen it jeu au tamis net. Ik ha earder al skreaun oer it ent  sjasme foar it spul yn Kimswert.⁷ Unbekend wie noch hieltiten hoe't it spul en it materiaal d  r krekt tel  ne kommen wienen. D  r is koartlyn troch nij argyfmateriaal mear d  dlikheid oer   ntstien.

Oant no ta beg  n it ferhaal mei in anonym stikje (p. 3) yn de Franeker Courant fan 16 augustus 1888: 'Kimswerd, 14 Aug. Eenige liefhebbers alhier wenschen zich vertrouwd te maken met 't kaatsspel, zooals de Belgen dat uitvoeren. Een schrijven is daarom naar Brussel gezonden, met 't verzoek dat naar hier de benoodigheden

(ballen, handschoen en trommel) worden gezonden. 't Terrein laat er zich bij ons wel toe leenen.' D  t it skriuwen gefolgen h  n hie, wie eins wol wis: op 'e pleats fan Anne-Jan Bouma en Janke Wierda, d  r't yn 1888 Bouma syn oerpake Jan Johannes Timmer buorke, kamen yn 1988 (nei in publikaasje fan my yn *Wis-In* oer jeu au tamis yn Kimswert) 12 ballen en 8 wanten foar dat spul (op 'en nij) foar it ljocht.⁸ Koe ik yndertiid allinnich mar oannimme dat Timmer derfoar soarge hie dat it materiaal yn Kimswert tel  ne kaam, no binne d  r de bewizen foar yn de foarm fan twa stikken, dy't Anne-Jan Bouma en Janke Wierda ferliden jier yn it argyf fan Timmer f  n hawwe.⁹

Timmer dy't sels ek keatst hat, wie dus hast of krekt 29 doe't er it kontakt mei de Belgen lei. Hy wie doe al in man fan oansjen op it doarp. Hy hat op keatsm  d oars gjin bestjoerlike funksjes h  n, ek net s  nt 1897, it jiers dat Kimswert in keatsferieniging krych. De beide dochters, Jetske en Wiepkje, hawwe yn 1933 de noch alle jierren ferkeatste Jan Timmer-wikselpriis foar de Kimswerter haadklassepartij foar manlju beskikber steld.

It ferfolch op de besteande kennis begjint mei in brief fan 27 augustus 1888 fan Louis Delmelle oan Jan Timmer. Delmelle is 'Secr  taire adj[oin]t', 2de sekretaris, fan de Soci  t   Royale yn Brussel. Ik sitearje Delmelle: 'Om twee goede handschoene te koopen, moet gij van 6 tot 7 gulden betalen (voor alle twee). Honderd ballen kosten 2 gulden. Een trommel kost van 25 tot 30 franken (12   tot 15 gulden). – Om niet te veel uitgeven, geven wij u raad, eerst handschoene en ballen te koopen, en te beproeven zonder trom-

mel te spelen; als ons balspel u bevalt kunt gij later een trommel koopen.' Dizze brief makket oannimlik dat Timmer mandélich west hat oan it stik yn 'e Frjentsjerter Krante. Syn brief sil (koart?) foar 14 augustus nei Brussel ta gongen wêze. Dat it antwurd eefkes op him wachtsje liet, hie der foar 't neist mei te krijen dat de (earste) sekretaris en de foarsitter it Nederlânsk net machtich wienen.¹⁰

Hoe't it fierder ôfrint, wurde wy gewaar út in twadde skriuwen fan Delmelle oan Timmer, datearre op 13 septimber: 'Ik heb uwen brief van den derde September en de geldsom van fl. 16.- geontvangen. De handschoenen-fabrikant heeft my gisteren geschreven dat ik moet wachten tot de middel van de naaste week om zijne zending te krijgen.¹¹ Ik zal u 150 of 200 ballen zenden omdat onze ballen zich meer snel verscheuren als uwe dikke ballen van Friesland'.¹² Dit yn ferskillende opsichten nijsgjirrige proaza makket dúdlik dat Timmer de ried fan Delmelle opfolge hat om (earst marris) te keatsen sûnder tamis. Dat sil dan op syn gaust sa om sneon de 22ste septimber hinne west hawwe.¹³ De Kimswerters hienen ien mei oar mear as 7 wiken wachtsje moatten ear't se sels los koenen. En ek al waard der earder noch wol yn oktober keatst, it seizoen kin dêrmei noait hiel lang mear duorre hawwe, soe men sizze.

Fierder soe men konkludearje kinne dat Timmer mei syn bedrach fan 16 gûne neist de 150 oant 200 ballen (kosten 3 oant 4 gûne) noch romte hie foar maksimaal 4 wanten (kosten 12 oant 14 gûne). Dat bringt jin fansels fuortdalik op de fraach hoe't de Kimswerters keatst hawwe: it spul freget (yn prinsipe) 5 tsjin 5 man (sjoch



Jan Johannes Timmer. (1859-1923).

kader). Opmerklik yn dit ferbân is ek dat der, neist 12 ballen, 8 wanten bewarre bleaun binne. Wêr kamen dy oare wanten wei? Hat Timmer letter noch mear besteld? Hat er se oernommen fan Ljouwert (sjoch hjirnei)? Dat soe der op wize kinne dat it spul wol wat oanslein is. Mar as it gongen is lykas yn Ljouwert, dan hat de betsjoening der gau ôf west.

Greate Hantsje

Ek yn Ljouwert waard nei de PC fan 1888 tydlik it jeu au tamis beoefene. De iennichste boarne dêroer is in brief d.d. 27 septimber 1891 fan K.G. Hesse Goeman, sekretaris fan Greate Hantsje, oan âld-keatser Johannes Nijdam.¹⁴ Greate Hantsje - neamd nei Johannes Nijdam¹⁵ - waard op 20 maaie 1886 oprjochte troch jonge minsken út de 'bettere stân'.¹⁶ Ek de leden

Jan Johannes Timmer (Pijum 6 augustus 1859-Hoogezand 6 novimber 1923) wie boer op wat no Heemstrastate yn Kimswert is. Grif mei troch de grutte lânboukrisis fan 1878-1895 hat er de needsaak ynsjoen fan fernijing en gearwurking op lânboumêd. Inkelde foarbylden fan syn warberens. Troch Timmer hie Kimswert al yn 1888 in koöperatyf bûterfabryk. De bestjoerder Timmer waard sels foarsitter fan de oars mar 7 (en al gau 6) leden tellende koöperaasje. Timmer soarge der ek foar dat de kij fan de leden al yn 1899 frij fan tbc wienen (pas yn 1950 wie it yn de hiele provinsje safier). Ek krigen de Kimswerter boeren in oankeapkoöperaasje op it mêd fan dong, foer en ark en hienen se foar mienskiplik gebrûk in bêste bolle en dito hynst. Timmer sette him ek yn foar it Fryske hynder. Hiel Kimswert krych troch Timmer syn krewearjen yn 1910 út it fabryk wei nij ljocht en it wie dêrmei it twadde plak yn Fryslân (Easterwâlde wie justjes earder). Fierder wie Timmer lid fan Provinsjale Steaten en dykgraaf fan it wetterskip Der Vijfdeelen Zeedijken Buitendijks. Ek taksearre er boerelân. De lêste jierren fan syn libben ferrûnen minder glorieus. Sa slagge it Timmer net om de grûnslach fan it bûterfabryk neffens leden en produkten (tsiis) te ferbreedzjen, dat yn 1920 moast it fabryk ticht.



Yn Súd-Hollân waard oant yn de earste helte fan de foarige ieu keatst mei help fan in tamis ('suft'). Hjiirre tamis, bal en stôk (dêr't mei kryt de punten op oanjûn waarden). De foto is makke op de stoepe fan kafee De Noordse Plassen yn Noorden (S.H.). By dat kafee hat yn alle gefal fan 1676 oant yn de 20ste ieu in keatsbaan fan ± 12 by ± 60 meter yn gebrûk west. (Foto: Timo de Bruin)

hearden dêrta. Beskermhear wie mr. Binnert Philip baron van Harinxma thoe Slooten, doetiidsk Kommissaris fan de Kening yn Fryslân. Dy syn soan, Pieter, letter ek Kommissaris fan de Keningin yn Fryslân, waard (as 15-jierrige!) de earste 'president'. Hoewol't Greate Hantsje yn de begjinjierren wol in tierich bestean hie, wie it nei 1892 'ineens út', sa skriuwt Kalma.¹⁷

Ek Hesse Goeman dielt mei dat de ferieniging de earste jierren bloeide, mar dêrnei 'zware koortsen' krych. It bestjoer 'trachtte ze te doen verdwijnen door middel van uitheemsche kruiden.

In Franeker zag men Belgen kaatsen en daar dezen zeer in den smaak vielen van 't publiek en, daar ze hun ballen van zand en steentjes veel verder sloegen, dan Gr Hantsje vroeger ooit niet mogelijk zou hebben gekund, scheen dezen te volgen, den aangewezen weg, om de vereeniging meer te doen bloeien en om haar meer ingang te doen vinden bij diegenen, die het Friesch kaatspel, waarbij de hand wordt bevochtigd met speeksel, gemengd met sappen, getrokken uit kruiden, meer bestemd voor beesten dan menschen, iets onsmakelijk vonden.' Dy wol hiel lange en knoffelige sin makket yn alle gefal

dúdlík dat Greate Hantsje oanlutsen waard troch de fiere slaggen dy't mooglik wienen en tagelyk wie mei it jeu au tamis it doe ek al troch guon fiis achte yn 'e hân spuien fan de baan: de keatsers hienen ommers in want oan.¹⁸ Mar it pakte hielendal ferkeard út: 'Niet bedenkende, dat de gevaren, bij dit spel grooter waren, en dat Gr Hantsje's naam niet paste, niet, klonk niet zamenging met Belgisch kaatsen, besloot het bestuur dit spel te voegen bij het Friesche; zij huurde het land v.d. Ysbaan¹⁹ voor f 20, wees de leden die hieraan zouden deelhebben aan, en was zeer tevreden over haar werk. Kort was de pret, lang het berouw. De Friesche jongens wilden niet met hun tieners, op groote afstanden van elkaar geplaatst, kaatsen terwijl ze slechts nu en dan een bal bij hen zagen neerkomen. Na drie weken wilde niemand meer met het bestuur zich vermaken met dit spel, men stoeide een weinig met die dikke van hoorn²⁰ gemaakte handschoenen, probeerde wie het verst kon gooien met de kleine ronde ballen en liet het overige links liggen. De werkelijk goede bedoelingen van 't bestuur kostte de vereniging \pm f60.'²¹

Hurde ballen

Yn Ljouwert hat it dus mei wissichheid net lang duorre. Neat gjin wûnder eins: de Fryske keatsers wienen, neist it gruttere oantal spilers, hielendal net wend oan foarm en formaat fan it fjild en oan it sterk ôfwikende materiaal. Ien en oar frege boppedat in hiel oare technyk fan slaan. Dêr kaam noch by dat it jeu au tamis mei syn spikerhurde bal net sûnder risiko wie (Hesse Goeman liket dêr mei syn 'gevaren' ek al op te doelen). Op de PC-demonstraasjepartij krych ien fan de Belgen, Paul André, in bal yn 'e eagen. It wie sa bot oankommen dat er nei in pear wike

it each misse moast.²² Der binne mear dy't op it nuodlike karakter fan it spul wiisden. It jeu au tamis waard neffens D. Raes yn 1888 al net mear spile yn Flaanderen, wylst it yn Wallonië oant 1910 noch konkurrearje koe mei it peloaten, mar doe gong it ek dêr hurd achterút.²³ Raes neamt as redenen foar it útstjerren fan it jeu au tamis: it troch de mânske nap grutte oantal kweaslaggen, it relatyf djoere materiaal (mei troch it grutte oantal ballen dat nedich wie), de net maklik te learen technyk én it gefaar dat oan it spul fêstsiet.²⁴

De lêste slach

In inkeld krantestikje, wat argyf materiaal en fansels it bewarre bleaune materiaal yn Kimswert binne de stille tsjûgen fan de koarte oplibbing fan it jeu au tamis yn Fryslân. Der is gjin inkeld oanwizing dat Friezen it spul nei 1888 noch beoefene hawwe. De lêste kear dat oaren dat hjirre dien hawwe, sil op de troch de LKC organisearre ynternasjonale wedstriden fan (merke)snein 19 en moandei 20 july 1908 te Ljouwert tusken Friezen, Belgen en Frânsen west hawwe. De bûtenlanners spilen doe beide dagen it 'spel met nap en trom'. It Fryske spul (mei fan de 23 partoer 3 út België en 1 út Frankryk) waard sawol de 19de as de 20ste stillein foar in wedstriid yn it jeu au tamis. Der wienen de sneins sa'n 3000 (!) besikers op de wynderige Wilhelminabaan (no de Tesselschadestrjitte). It jeu au tamis 'trok bijzonder de aandacht en de kracht waarmee de harde balletjes over 't perk werden geslagen en teruggekaatst, was enorm.' Eefkes foar fjouweren foel de lêste slach. De '5 zilveren medailles, vereerd door Vreemdelingenverkeer te Leeuwarden', wienen foar in Frânsk-Belgysk partoer. It ferliezende Belgyske partoer

gong lykwols net mei lege hannen nei hûs: it krych 5 brúnzen medailles, 'aangeboden door een belangstellend ingezetene.' En de Belgen kinne de jûns earst noch genoaten hawwe fan it 'Groot Avondfeest' yn de ferljochte Prinsetún, mei konsert, dûnsjen en fjoerwurk.²⁵ Jan Timmer, de haadpersoan yn dit stik, sil grif mei niget it wedstriidferslach lêzen hawwe en, wa wit, it spul sels ek sjoen hawwe.

Wy kinne it spul net mear sjen, teminsten net sa't it yn Timmer syn tiid spile waard. Oant yn alle gefal inkelde jierren lyn waard it noch ien kear yn it jier demonstrearre yn Wieze, in plakje tusken Aalst en Dendermonde. De hjir beskreaune fariant hat yn Frankryk foar it lêst te sjen west yn 1992 op in manifestaasje fan tradisjonele spullen yn Corbie, in stedsje eastlik fan Amiens (Pikardië). As wedstriidsport wie it foar 't neist fjouwer jier earder útstoarn.²⁶ In fariant fan it spul libbet lykwols noch altiten yn Frankryk, ek yn Pikardië, mar foaral yn de buert fan Montpellier (Languedoc). By it slaan wurdt net de grutte want brûkt, mar in tambouryn, in soarte fan platte trom.²⁷

Pieter Breuker

Noaten en boarnen

1. Sjoch fierder: Pieter Breuker. 'Kaatsen in internationaal verband: beperkt grensverkeer mogelijk'. Yn: Pieter Breuker en Wio Joustra (red.). *Sporthistorie tussen feit en mythe*. Leeuwarden, 2004, pp. 103-108.
2. Sjoch: Pieter Breuker. 'De PC en de Belgen: in súksesfol partoer'. Yn: Pieter Breuker en Jan Pieter Janzen (red.). *De fiifde woansdei; 150 jier PC (1853-2003)*. Franeker, 2003, p. 104.
3. Sjoch noat 2.
4. De kar foar de yn 1887 al 49 jier âlde Société Royale sil yn België net oeral likegoed fallen wêze. Der wienen noch hiel wat oare keatsklups dy't grif wol kontakten lizze wollen hienen mei



Platte wanten en tamis brûkt op de demonstraasjewedstriid fan 15 septimber 1992 te Corbie (Fr.). (Foto: Janneke Pagels)

de PC. Allinnich Brussel al hie yn 1887 neist doe wat minder oansprekkende ferienigingen op syn minst trije prestisjeuze klups: bûten de Soci  t   Royale wienen dat de Soci  t   Royale La Paume de Bruxelles (1859) en Le Cercle l'Avenir (1887). De beide l  sten soenen oars letter ek kontakten lizze mei it keatsen yn Nederl  n. Tusken de Soci  t   Royale en La Paume bestie yn 1897 's  nt lange jierren' 'une r  elle animosit  ' (Sjoch : F  licien Decroix e.o. *Exposition internationale et retrospective du Jeu de Balle [...] organis   par le Cercle l'Avenir    l'occasion de son Xe anniversaire*. S.p., s.j. [1897], p. 37. Yn dat (seldsume) boek steane ek wiidweidige beskriuwingen fan de belangrykste Belgyske keatsklups (pp. 31-44). Fierder jout it   nder mear noch in b  tengewoan nijsgjirrich oersjoch fan wat op dat stuit by de skriuwers bekend wie oer it keatsen yn Belg   en d  rb  ten (Noard- en S  d-Amearika (  nder mear Brazili  , Argentini  , Midden-Amearika, Noard-Amearika (by de Sioux)), D  tsl  n, Ingel  n, Spanje, Frankryk, Nederl  n (Frysl  n), Itali   (pp. 11-21). It boekje kaam oars   t ta gelegenheid fan de keatstentoonstelling dy't Le Cercle l'Avenir yn Sint Gilles (in foarst  d fan Brussel) by syn 10-jierrich bestean organisearre. Der wienen mear as 20 ynstjoeringen, fan Belgyske keatsferienigingen en partikulieren (materiaalmakkers), wylst ek Frankryk, Spanje, Brazili  , Amearika (USA), Ingel  n, Itali   en Nederl  n fertsjinwurdige wienen. It l  ste l  n stie hast hielendal foar de PC, dat neffens de katalogus mar leafst 44 n  mers ynbrocht. De PC w  n de earste priis mei har ynstjoering (  nder mear eigen findel, sulveren ballen (w  r  nder de Ouwe Griep fan 1794), medailles, ballen, telegraaf, foto's, boekjes, keatssankjes, argyf materiaal). De ynstjoering wie ek te sjen op de PC fan 1897 (sjoch ek: Pieter Breuker, oanhelle wurk noat 2, p. 105).

5. Sjoch fierder bygelyks: www.users.swing.be/sw123868/jeuxregle.

6. Ik ha ien en oar wiidweidich beskreaun yn: "Belgyske keatsers op de PC fan 1888". Yn: Pieter Breuker. *Oan de hang; in samling sk  gningen, artikels en l  zungen oer keatsen, keatshistoarje, keunst en kultuer*. Dronryp, 1998, pp. 87-90. It is oars wis dat in soartgelikense fariant as it jeu au tamis earder ek yn Nederl  n beoefene is. It spul wurdt beskreaun troch Johannes le Francq van Berkhey yn syn *Natuurlyke Historie van Nederland III* (1776), pp. 1399-1406. Ek yn Frysl  n liket it spul bekend west te hawwen. Sjoch: Pieter Breuker. 'Keats = itensbakje (2)'. Yn: oanhelle wurk noat 6 , pp. 96-97. Ek neffens it ferslach fan de 'Internationale kaatswedstrijd op de Wilhelminabana te Leeuwarden' yn de

Leeuwarder Courant fan 21 july 1908 hat it 'hier vroeger inheemsch' west.

7. Pieter Breuker. 'Jeu au tamis yn Kimswert'. Yn: Oanhelle wurk noat 6, pp. 91-92.

8. Pieter Breuker. 'Belgyske keatsers op de PC fan 1988'. Yn: *Wis-In*, jrg. 5 (1988), n  . 3, s. 35, 37, 39.

9. Timmer wie in progressyf man, dy't benammen op l  nboum  d syn spoaren neilitten hat. Mar syn eachweid rikte fierder, hy hie niget oan de wr  ld om him hinne. D  r hat er ek gedichten oer skreaun, yn it Nederl  nsk   n yn it Frysk. Hoewol't der in oantal kearen koart oer Timmer skreaun is, soe der ferlet w  ze fan in yngeande st  dzje oer syn wurk en libben. Oer him is ynformaasje te finen yn   nder mear: Jelle H. Brouwer (haadred.). *Encyclopedie van Friesland*. Amsterdam-Brussel, 1958; J.P. Wiersma [m.m.v. K. Tjepkema]. *Erf en wereld*. Drachten, 1959, p. 97-98, 146, 211; Gerrit J.A. Bouma. 'De l  nbou; de minsken'. Yn: Johan J. Spahr van der Hoek (red.). *Geakunde W  nseradiel*. Boalsert, 1969, pp. 306-308. Reinder Politiek. *100 Jier moudekr  pers as merkekeatsers*. S.p., s.j. [1997], pp. 36-39; deselde. 'Jan Timmer, in nij-ljochter'. Yn: *Aldnijs* 28 (jannewaarje 2001), pp. 3-9. Fierder betankje ik Anne-Jan Bouma en Janke Wierda foar har ynformaasje oer Timmer (de oerpake fan Bouma).

10. Dat is op te meitsjen   t in brief fan 20 septimber 1888 fan Jules Martin, foarsitter fan de Soci  t  , oan Jan Bogtstra: 'Wij hebben lang gewacht u te schrijven, omdat wij de wederkomst verwachten van de persoon die onze brieven in de hollandsche taal vertaalt. Deze heer is op reis en zal slechts terug te Brussel zijn in tien dagen [dat wol sizze: 'sil net earder as oer tsien dagen yn Brussel w  ze']. Derhalve moeten wij de toevlugt nemen van M[onsieur] L. Delmelle, onze tweede Secretaris, die een weinig de nederlandse taal kennt'.

11. De Kimswerter wanten binne makke troch de ferneamde wante- en ballemakker Achille Margot fan Thuin, dat by Charleroi leit, deun by de Fr  nske grins. It tilde yn dy tiid op fan de materiaalmakkers. Yn it yn noat 4 neamde boek steane mar leafst 13 advertinsjes. Nijsgjirrich yn dit ferb  n is ek in brief d.d. 3 novimber 1887 fan Louis Baillet   t Ham-sur-Heure oan 'Monsieur le Bourgemestre' fan Frjentsjer. Baillet hie yn in pleatslike krante l  zen dat der tariedingen troffen waarden om yn Frjentsjer in jeu au tamiswedstriid te h  lden. Hy woe as ballemakker graach de ballen leverje. In tamisbal koste oars by him '5 centimes' it stik, al binne se 'en grande quantit  s' goedkeaper. Net de boargemaster, mar Jan Bogtstra beantwurde Baillet syn brief.

Bogtstra jout oan dat der korrespondearre wurdt oer Belgen op de PC fan 1888, mar dat der noch oerlis is oer de kosten. As ien en oar trochgiet, sil Bogtstra Baillet graach oanrekkommendarje oan de 'direction' fan de PC. Uteinlings hat dus net Baillet, mar Margot de ballen levere. Dy like mei syn 150-200 ballen foar 2 g  ne ek goedkeaper te w  zen (en Bogtstra moast en koe goed op de sinten passe).

12. Dat der safolle ballen nei Kimswert stjoerd waarden, kaam lykas sein troch de hurdens fan de want en de fluggens fan it spul: d  rtroch gongen de ballen maklik stikken: 'Il n'est pas rare d'utiliser une balle par jeu, soit parfois pr  s de trente balles sur une lutte' ('It is net   ngewoan om ien bal per spul te br  ken, dat wol sizze soms hast tritich ballen yn in wedstriid') (yn oanhelle wurk noat 5).

13. 13 Septimber wie op in tongersdei, de 'mid-del van de naaste week' kin op woansdei de 19de steld wurde en d  r moatte dan noch in pear dagen foar it ferstjoeren by opteld wurde.

14. Dy brief (in kopy?) wurdt bewarre yn it PC-argyf. Dat is op himsels opmerklik. Noch de skriuwer noch de   ntfanger hie by myn witten in (direkte) relaasje mei de PC. Miskien is it sa gongen. Greate Hantsje liket nei 1893 opd  kt te w  zen (sjoch noat 17). It argyf soe by de famylje Van Harinxma thoe Slooten tel  ne kommen w  ze kinne. Dy   nderh  lde s  nt 1880 kontakten mei de PC.

15. Johannes Heerkes Nijdam waard op 18 maaie 1814 berne te Menaam, mar w  n as Dronrypster syn measte prizen. Yn syn neidagen, doe't er op Alde Biltstyl wenne, die er noch in kear (s  nder s  kses) mei oan de PC (1856). Nijdam hie d  r fan 1845 oant 1878 in timmerbedriuw. Hy stoar yn 1892 te Feinsum. Sjoch: [Doeke Zijlstra]. 'Leeuwarden's oude kaatsgeschiedenis in vogelvlucht'. Yn: *LKC; jubileum-uitgave ter gelegenheid van het 75-jarig bestaan van de Leeuwarder Kaatsclub "Sonnenborgh"*, pp. 14-15.

16. De ferieniging wie oprjochte troch 'leerlingen van het gymnasium en de Rijks hoogere burgerschool' (sjoch: Zijlstra, oanhelle wurk noat 13, p. 13. Greate Hantsje liket wol wat Frysksinlich west te hawwen. De 'secretarissen' d  rfan hawwe yn 1887 in boekje oer de regels fan it spul   tj  n (*Het Kaatsen* [...]), Leeuwarden s.j.). Achtern dat (oars Nederl  nskaltige wurkje) steane twa Fryske 'Keatserslieten', it iene is   ndertekene mei 'Foeke', it oare mei 'Dirk'. De earste is frijwol wis 'vice-president' Foeke Tjalma, de twadde is mei wissichheid Dirk Troelstra (16 febrewaarje 1870-12 maaie 1902), de jongere broer fan Piter Jelles. Dirk Troelstra wie dus noch mar 17 doe't syn gedicht ferskynde.

Noch in foarbyld fan de Frysksinningens. Op 20 juny 1886 hâlde Greate Hantsje in keatspartij. De priiswinners krigen in Frysktalich 'Earebewiis' (sjoch foar in ôfbylding dêrfan: Pieter de Groot. 'Sport', diel 9 yn: *Waar blijft de tijd. 500 jaar Livvadden*. Zwolle, 2004, p. 215).

It wie yn de begjintiid fan de oprjochting fan sportferienigingen (globaal de 2de helte fan de 19de ieu) hiel gewoan dat de oprjochters (en yn it earstoan ek de spilers) út de begoedige boargerij kamen. Faak gong it dan om út Ingelân oernommen, doe moderne sporten, bygelyks cricket, tennisjen en ek fuotbal. Wol opmerklik is dat de Ljouwerter elite him ek mei it keatsen bemuoide. Dat seit miskien wat oer de status fan it keatsen doe. Wat ek meispile hawwe kin, is dat de Kommissaris fan de Kening yn 1883, dus krekt foar de oprjochting fan Greate Hantsje, de PC-keningsbal beskikber steld hie (mei dêrop ek in Frysktalich gedichtsje, fan pommerant Jacobus van Loon). Foaral troch de PC hie it keatsen yn Fryslân status krigen, Sjoch dêroer fierder: Pieter Breuker. 'De PC; oardel ieu, mar fitaler as ea'. Yn : Oanhelle wurk noat 2, pp. 59-62.

17. Jaap J. Kalma. *Kaatsen in Friesland*. Franeker, 1972, pp. 114-116. Zijlstra (oanhelle wurk noat 15, p. 14) komt op in jier letter út ('In 1893 blaakte de vereniging nog van levenslust, maar nadien hebben we er niets meer van kunnen gewaar worden.'). Hesse Goeman wykt yn syn bysûnderheden oer de ferieniging yn in oantal opsichten ôf fan Kalma en Zijlstra. Sa skriuwt er dat er yn 'onze jaarverslagen' fûn hat dat Johannes Nijdam (dy't earelid fan Greate Hantsje wie) 'in 1884 in ons midden' west hat. Hesse Goeman basearre him fansels op it argyf fan Greate Hantsje, mar dat wie neffens syn eigen sizzen net al te betrouber: it bestjoer fan Greate Hantsje feroare gauris 'doordat de jongelui hun studies elders gaan vervolgen en dêrtroch kin it 'Zeer gemakkelijk [...] geschieden, dat de secretaris zijn opvolger het een en nader vergeet mede te delen.'

18. De Friezen keatsten oant 1918 sûnder want. Nei de yntinsive kontakten mei de Belgen yn de jierren 1915-1918 gongen se op de want oer.

19. It gong om it terrein noardlik fan de eardere Bleekerstraat, oan de noardkant fan it hjoeddeiske FUV/NUVA ('útfeartsintrum') oan de Rengerslaan. De leden keatsten oars ek by de Frouwepoarte en de Hoeksterpoarte (Zijlstra, oanhelle wurk noat 15, p. 14) en, skriuwt Hesse Goeman, yn 1891 'op het land van Mej. de wed. de Boer bij de Zwarteweg'. (Dy dyk rûn parallel oan de Bonkefeart, fuort súdlik dêrfan (globaal it trasee fan de hjoeddeiske sneldyk), oant it eardere Swarteweisein ta – no Nij Toutenburch.)

20. Dêr is Hesse Goeman dus mis mei: it giet, lykas sein, om (spikerhurde) lagen sean lear.

21. Nei noch in min jier kaam it wer goed. Greate Hantsje hie yn 1891 20 leden (by de oprjochting oars al mear as 40) 'en we kunnen gerust zeggen, dat we krachtiger zijn geworden'. Doch like it neffens Kalma dus al nei 1892 en neffens Zijlstra nei 1893 dien te wêzen.

22. Pieter Breuker. 'Het spel van Nederlanders over de grenzen'. Yn: Pieter Breuker (einred.). *Kaatsen: lange traditie, levende sport. Bij het eeuwfeest (1897-1997) van de Koninklijke Nederlandse Kaatsbond (KNKB)*. Leeuwarden/Ljouwert, 1997, p. 98.

23. Dat it jeu au tamis om 1900 hinne yn Walloanië noch libbe, docht ek bliken út de yn 1908 ferskynde roman fan Maurice des Ombiaux (1868-1943): *La Petite Reine Blanche; roman d'un joueur de balle*. De titel fan dy roman, dy't yn Brussel en yn Walloanië spilet, ferwiist nei de flaanamme fan de tamisbal: (oerset) De Lytse Wite Keningin.

24. D. Raes. *Het Kaatsspel in ons land* [oerprintsels út: *Oostvlaamsche Zanten*, jrg. 43 (1968), nû. 4]. Gent, s.j., pp. 38-39 ; 41-42.

25. *Leeuwarder Courant*, 14 (advertinsje) resp. 21 july 1908 (it yn noat 6 oanhelle wedstriidferslach).

26. Pieter Breuker, oanhelle wurk noat 22, pp. 96-98.

27. www.perso.wanadoo.fr/jf.tricoire/Longue_Paume/ESP-LP-autres-jeux.